

# Faksin yn it koart foar it **Janssen faksin tsjin COVID-19**

## Wêr is dit faksin foar?

Dit faksin beskermet jo tsjin it koroanafirus (SARS-CoV-2). As jo besmet reitsje mei dat firus kinne jo lêst krije fan klachten. Lykas koarts, hoastje, pine yn 'e kiel, in dripnoas en ferlies fan rook en smaak. Jo kinne ek lêst krije fan slimme klachten. Lykas benaudens en in longûntstekking. Guon minsken stjerre oan it koroanafirus.

Jo krije dit faksin om foar te kommen dat jo siik wurde troch it koroanafirus.

## Hoe wurket dit faksin?



As jo nei de faksinaasje yn kontakt komme mei it koroanafirus, dan wurket jo lichem dat firus. Jo lichem hat dan al antystoffen oanmakke dy't jo beskermje tsjin dat firus. Dêrtroch wurde jo net siik of folle minder siik.

Jo hawwe **1 faksinaasje** nedich om goed beskerme te wêzen. Fan sawat 2 wiken nei de faksinaasje ôf beskermet it faksin jo tsjin it koroanafirus.

Út de earste ûndersiken docht bliken dat dit faksin **de kâns op COVID-19 mei 66% ferminderet**. Dat betsjut dat fan de 100 minsken dy't sûnder faksin COVID-19 krije soene, nei faksinaasje noch mar 34 minsken COVID-19 krije. Dit faksin ferminderet **de kâns dat jo slim siik wurde troch COVID-19 mei 85%**.

## Wannear krij ik dit faksin?

Jo krije dizze faksinaasje as jo 18 jier of âlder binne. De Ryksoerheid bepaalt wa't in útnûging krijt foar dit faksin.



Jo krije dizze faksinaasje **1 kear**.



Jo krije de prik yn de boppe-earm.

## Hoe is dit faksin goedkard?

- Der is in protte ûndersyk dien nei de feilichheid en wurksumens fan dit faksin. Dy ûndersiken binne no tagelyk útfierd, yn stee fan nei inoar. Dat skeelt in soad tiid.
- De resultaten fan dy ûndersiken binne fuortdaliks beoardiele. Der binne gjin wichtige stappen oerslein.

Dit faksin is goedkard troch it Europeesk medisynagintskip (EMA). It Kolleezje foar Beoardieling fan Genêsmiddels (CBG) is der ûnderdiel fan.

## Tink derom!



Jo meie autoride as jo dit faksin hân hawwe. Ryd gjin auto as jo lêst hawwe fan bywurkingen lykas wurgens.



Binne jo yn ferwachting? It RIVM advisearret dan om jo faksinearje te litten mei in oar COVID-19 faksin.

## Wichtichste warskôgingen

Freegje oan jo dokter oft jo dit faksin krije meie as jo:

- Earder in slimme **allergyske reaksje** hân hawwe op in faksin.

It RIVM advisearret om in nije ôfspraak te meitsjen as jo:

- **Slim siik** binne of **hege koarts** hawwe foar't jo de faksinaasje krije.
- COVID-19 hawwe. Of as jo mooglik COVID-19 hawwe.
- De ôfspraak **mist** hawwe.

Jo hawwe in tige lytse kâns op in propke yn jo bloed (tromboaze) mei mar in bytsje bloedplaatjes yn jo bloed. Sometiden giet dat yn 'e mande mei bliedings. As dat bart, is dat binnen 3 wiken nei faksinaasje.

**Nim dêrom fuortdaliks kontakt op mei jo dokter** as jo nei de faksinaasje lêst krije fan:

- Pine op it boarst, net goed sykhelje kinne, pinebúk dy't net oergiet of in opsette skonk.

**Of as jo nei inkele dagen lêst krije fan:**

- Slimme pineholle, wazich sjen of blauwe of pearse plakken op 'e hûd op in oar plak as dêr't jo prikt binne.

## Wichtichste bywurkingen

Krekt as by oare faksins kinne jo lêst krije fan bywurkingen. De measte bywurkingen krije jo om't it faksin derfoar soarget dat de ôfwar fan jo lichem begjint te wurkjen. Ôfwar soarget foar beskerming tsjin it koroanafirus.

Út ûndersiken binne de folgjende meast foarkommende bywurkingen bekend:

- Pine op it plak fan de prik (49%).
- Pineholle (39%).
- Wurgens (38%).
- Spierpine (33%).
- Mislik wêze (14%).

Dy bywurkingen duorje 1 oant 2 dagen.

In slimme bywurking dy't mar hiel inkeld foarkomt (by minder as 0,01%) is in propke yn jo bloed mei mar in bytsje bloedplaatjes yn jo bloed.

## Mear witte?

Hawwe jo fragen of twivels oer faksinearjen? Lis dan oer mei jo dokter of apteker.

Sjoch foar de offisjele bysluter fan dit faksin op [genesmiddeleninformatiebank.nl](https://genesmiddeleninformatiebank.nl). Gean foar mear ynformaasje nei [coronavaccinatie.nl](https://coronavaccinatie.nl).

Wolle jo in bywurking melde of dêr mear oer witte? Dat kin op [lareb.nl](https://lareb.nl).